

Boer mei paraplu Ien en oar oer it NKB-bestjoerslid Abe Pieters Anema

Abe Pieters Anema (1855-1914) wie as bestjoerslid fan de Nederlandsche Kaats Bond ien fan de keatspioniers. In kleurrike boer yn Hjerbeam en oan de Foarryp ûnder Winaam, de reade kant neist en allinnich al dêrom in opmerklik man.

Hy wie it op ien nei jongste bern fan Pieter Seerps Anema en Saakje Gerlofs Heslinga fan Doanjum. It wie in húshâlding dêr't 16 bern omrûnen: Sjerp Pieters, Tijtske, Jetske, Antje, Gerlof, Aaltje, Jouke Seerp, Johannes, Aaltje, Yttje, Cornelia, Anne, Saakje, Paulus, Abe en Pietertje. Sa'n protte bern om 'e fuotten wie ûnder de boeren in teken fan tier en wolstân. Pake Pieter Seerps wie nei alle gedachten in goed buorkjend boer, yn 1864 liet er in skuorre yn Doanjum ôfbrekke en in nijienien bouwe yn Sweins foar in soan. De bân mei de tsjerke wie hecht. Pieter Seerps wie in fearnsieu foarsitter fan de tsjerkfâlden yn Doanjum en Sweins.

Abe Pieters dûkt yn de gongen fan de LC-argiven earst in pear kear op as hynderman (keuringen, draafsport), oant de krante yn april 1897 melding makke fan in nije 'vereniging van landbouwers, op coöperatie gegrond' yn Frjentsjer, dêr't er ien fan de oprjochters fan wie. It doel wie gearwurkjen, om yn koöperatyf ferbân lânbou-ark te keapjen en lânbouprodukten te ferkeapjen. Leafst 29 boeren stapten deryn. De feriening omfette Frjentsjer, Frjentsjeradiel,

Barradiel, It Bilt en Menameradiel.

Hy wie fan de generaasje dêr't de grutte agraryske krisis in ferpletterjende yndruk op makke hat. Hy troude yn 1878, it begjin fan de krisis. Yn de malêze waarden ek de Anema's net sparre. Yn 1881 wie der boelguod op de pleats yn Sweins, dy't syn heit foar syn broer Gerlof boud hie. It leit yn 'e rede, of it is yn alle gefal ferliedlik om te tinken, dat Abe Pieters oan dy krisisperioade yn Fryslân syn sosjaal

mienskipstinken en miskien ek wol syn ynset foar it 'Volkschonderwijs' yn Hjerbeam oerhâlden hat. Oan bestjoersfunksjes hied er yn alle gefallen net te min. De publike saak fûn er belangryk. Fan de nije keatsferiening 'Jan Zeinstra' yn Hjerbeam waard er foarsitter. Ek kaam er yn 1897 yn it earste haadbestjoer fan de krekt oprjochte Nederlandsche Kaats Bond. Yn 1902 en 1905 waard er op 'e nij keazen; hy wenne doe noch yn Hjerbeam. Oant 1908 hat er de NKB tsjinne yn it bestjoer.



It earste bestjoer fan de NKB. Sittend, flnr: Jarich Meijer, Jan Bogtstra (earelid), Hendrikus Schievink. Steand, flnr: Johannes Bierma, Jelle Wouters (sekr.), Willem Westra (foars.), Abe Anema en Lyckle Boersma. Foto: Keatsmuseum.

Keatserslaach

Hoewol't er sels as keatser net opfoel, kaam er al út in keatsfermidden. Broer Gerlof trof yn Sweins de keatskeningen Auke Miedema en Klaas Boorsma en wûn mei har frijwat op ôfdielingswedstriden, ûnder mear earste prizen op 'e Jouwer (1871), yn Achlum (1872) en Tsjom (1872). Gerlof ferhuze letter nei Skingen. Syn soan Johannes (1871-1936), dus in omkesizzer fan Abe Pieters, waard ien fan de grutste keatskeningen fan syn tiid. Syn byltenis stie op it kistke fan it sigaremerk 'De Drie Kaatskoningen', mei Jan Reitsma fan Penjum en Piter Yetsenga fan Arum. Ek Gerlof syn soan Reinder (1888-1951) wie in baas keatser.

Frijemd wie it dus net, dat skriuwer Josse de Haan op de namme fan Abe Pieters Anema stjitte doe't er begjin jierren njoggentich ûndersyk die nei de ûntsteanskiednis fan de Hjerbeamer keatsferiening 'Jan Zeinstra'. Om't der gjin noaten taheakke binne, witte wy net wêr't de anekdoates weikomme, mar as Anema yndie yn 1878 Multatuli praten heard hat yn Frjentsjer, sa't De Haan skriuwt, dan wurdt syn sosjaal profyl namste skerper. Opmerklik is ek dat yn Hjerbeam it idee om in keatsferiening op te rjochtsjen al betiid opkaam, yn 1893, fjouwer jier foar't de Nederlandsche Kaats Bond oprjochte wurde soe. Lykas ek yn it each rint dat it plan, op oanjaan fan Anema, makke waard op in gearkomst fan doarpsnotabelen dy't harren sterk makken foar de saak fan it folksûnderwiis. Yn 'e doarpen tusken Harns en Frjentsjer wie it keatsen sadwaande in útdrukking fan in nij

sosjaal akkoart tusken de meast liberale boeren en notabelen en grutte groepen reade arbeiders.

Struikrover

Dat it yn dy dagen lang net feilich wie om as warber keatsbestjoerder oant yn 'e nacht ta oeral mar te fergaderjen, liet de krante fan 13 jannewaris 1899 sjen. Yn 'e nacht fan 9 op 10 desimber 1898 hie him tusken Frjentsjer en Hjerbeam 'een echte struikroversgeschiedenis' ôfspile, 'niet uit Italië of Spanje, maar waar gebeurd, in ons eigen land, onzen eigen provincie, onder den rook van Franeker'. De lêzer fan hjoed krijt it taferiel libben foar eagen. Abe Pieters Anema hat mei de trein fan Frjentsjer nei Ljouwert en werom west en rint nei hûs, is miskien Grut Lankum al foarby. Ynienen springt der in man achter in beam wei, 'gewapend met een dikken stok', dy't ropt: 'Geld of dood!' Abe tinkt noch gjin tel nei en ropt werom: 'Dan maar dood!'

Fansels, tusken oerfaller mei stôk en boer mei paraplu rint it op in fjochtsjen út. Mar de paraplu brekt en Abe syn beurs wurdt rôve. It ferhaal hat lykwols in goede ôfrin: om't Abe de stimme fan de man werkend hat, kin de plysje eefkes letter de boef by 't nekfel gripe.

Read

Nei dat sterke stikje fine wy Abe Pieters yn 1907 werom as foarsitter fan it Onderling Veefonds voor Franeker en Franekeradeel, dat de moaie namme hat fan 'Draagt Elkanders Lasten'. De reden ha ik net fine

RECHTSAKEN.

Rechtbank te Leeuwarden.

Het is een echte struikroversgeschiedenis. Niet uit Italië of Spanje, maar waar gebeurd, in ons eigen land, onzen eigen provincie, onder den rook van Franeker. 't Was donkere nacht op den weg van Franeker naar Herbolingen, den 10den December. Alleen en te voet lieerd Abe Anema naar zijn huis in haatgenoemd dorp terug, nadat hij met den trein van Leeuwarden tot Franeker was gearuid. Ongeveer half weg gekomen, sprong plotseling achter een boom staand een man op hem toe, gewapend met een dikken stok en riep: 'Geld of dood.' Abe schreef zeer gelaten te hebben, althans hij antwoordde maar duchtig: 'Dan maar dood', waarop de aanvaller er met zijn stok op los trok. Anema verweerde zich met zijn paraplu, maar die brak en hij raakte op den grond. De roover had toen getoepeld om hem zijn port-monnaie te overnemen. Doch toen Anema met stemmen op den weg. Anema weerde, dat het een tweede struikrover was, doch zijn aanvaller bleef langer voor hem die nadere dat Abe, en kon hem laterop in de richting van Franeker. Zonder get of paraplu werd Anema hier daarop gevonden, door een man in paard en twee voetgangers, die van Herbolingen kwamen en toen de paraplu gevangen was, ging Abe verder naar huis. Gedruken bij een de vrees in zijn aanvaller, rukken veldjager Anthon H. m. erde berekend te hebben, werd dat vermoeden bij hem verwekt, dat hij zich herinnerde dat de man Hollandsch sprak en dat deed H. gewondig niet. Doch de politie te Franeker, van het dit onderrecht, ging direct aan het zoeken, met het resultaat, dat diezelfde H. onder verhooring bij haar kwam. En nu was het verder al met zijn struikroverschap. Zonder veel tegenpartijen erkende hij zijn misdrijf in hoofdzaak.

Rjochtbankferslach út de Leeuwarder Courant fan 13 jannewaris 1899, p. 5.

kinnen, mar syn hierpleats oan de Slachtedyk ûnder Hjerbeam waard yn desimber 1908 ûnder syn kont wei ferkocht. Hy sil der wei moatten hawwe: yn 1910 hierde er in pleats yn Winaam oan de Foarryp. Hy wie doe foarsitter fan in 'onderling paardenfonds voor Franeker, Franekeradeel en Barradeel'.

Abe Pieters wie in âld-omke fan de Nederlânstalige dichter Seerp Anema (1875-1961) út Minnertsgea en fan Bauke Anema (1877-1923), boargemaster fan Barradiel. Seerp Anema, in grut bewûnderer fan Abraham Kuyper, dichte yn kalvinistysk-konservative

geast. Syn jongere broer Bauke wie in oertsjûge ARP'er. Abe Pieters wie dus suver in revolúsjonêre geast yn de Anema-famylje, want yn 'e pleit gear foar it folksûnderwiis, dat wie fansels flokke yn 'e tsjerke.

Dat opstannige sil faaks noch mear romte krigen hawwe om't er yn it hynstefermidden gauris syn Winamer doarpsgenoat Jelle Haitze Anema trof (gjin famylje foar safier't ik it neigean koe). Dy Jelle Haitze wie behalve boer en hast full time sosjalist ek ien fan de inisjatyfnimmers fan de draafsport yn de omkriten fan Frjentsjer. Nettsjinsteande syn fûlreade politike oertsjûgings waard er akseptearre as in foaroanman yn in âld boerefermeits. Yn 1911 en 1912 wie er as kandidaat fan de SDAP foar de reade gemeente Frjentsjerteradiel op kampanje foar de Keamerferkiezings fan 1913. Jelle Haitze Anema wie in baas sprekker; yn plakken as Sint Anne en Frjentsjer stie er wol foar fiifhûndert minsken. Uteinlik waard út syn distrikt wei de CH-kandidaat yn 'e Keamer keazen.

Rampjier

Abe Pieters wie op dat stuit hierder fan ‘de uitmuntende, zeer vruchtbare SATE en LANDEN, “De Voorrijp” (..), groot 86 hectare’. It lân wie oant 1914-1915 oan him ferhierd ‘voor f 3000 's jaars’. Sûnt 1878 wie er troud mei Antje Klazes Terpstra, fan komôf út Peins. De Terpstra’s wiene ek ien fan de gruttere boerefamyljes yn Noardwest-Fryslân. Der kamen fjouwer bern: Tietje, Saakje, Pieter en Doetje.

Yn 'e krante fan 20 maaie 1913 betanke Abe Pieters elkenien dy't bliken fan belangstelling jûn hie by syn 35-jierrich houliksfeest.

Mar in jier letter waard alles oars. Syn dochter Saakje kaam te ferstjerren, noch mar 30 jier en ‘nalatende 4 jeugdige kinderen’. It wie it rampjier 1914. De Earste Weareldoarloch bruts út. Abe Pieters stoar yn datselde jier, op 9 juny. Syn frou Antje Klazes bleau oant 1915 op de pleats. Doe kaam der op 24 maart in grut boereboelguod en it neilittenskip waard elegysk kwytmakke. De advertinsje smiet suver in foar ús as gedicht te lêzen tekst op:

‘I. LEVENDE HAVE, als: een gezond en melkrijk BESLAG VEE, bestaande uit 15 melke en kalve koeien, 5 hokkelingen, 1 enterstier en eenige kalveren; vijf beste paarden, w.v. 6-jarige vosruin, mak en bereden, vole [= drachtige] merrie, 12 jaar, bruine merrie, mak en bereden, zwarte ruin en bruine entermerrie; voorts: 6 schapen met en zonder lammeren, 2 gelde schapen en 9 kippen met haan (witte leghorns).

.
II. BOERENREEUW en GEREEDSCHAPPEN, als: tilbury, zoo goed als nieuw, 4 hooiwagens, koolzaadwagen, 3 aardkarren w.o. 1 met gierbak, melkkar, hooihark, arreslede, 2 ijzeren ploegen, vorenploeg, cultivator, houten en ijzeren eggen, ijzeren landrol, graanwinde, snijmachine, sproeibus, spekkist, slijpsteen, bint- en andere ladders, kret met planken,

kruiwagens, kafbak, bascule met gewichten, belwettuig, 2 gereiden met hoofdstellen en jaaglijnen, melkbussen, melk- en boonemmers, aardappelton, graanmaat, graan- en aardappelzeven, aardappelbakken, schoppen, grijpen, harken, vorken, binstokken, voor- en achterbinten, enkele en dubbele zijlen, baegen, leidsels enz.

III. PRODUCTEN, als: eene partij hooi, garst- en erwtenstroo en een mesthoop.

IV. Eenig MEUBILAIR, als: secretaire, stoelen, schuif-tafel, kachels enz.

Het vee is te bezichtigen op den laatsten Zaterdag en Maandag vóór het boelgoed, van 's morgens 9 tot des namiddags 4 uur.
De koeien kunnen blijven staan tot Vrijdags ná het boelgoed.
Op de sate is geen gelegenheid tot stalling.
Koekdisschen en hakblokken worden niet toegelaten.’

Foar dit artikel is foaral gebrûk makke fan it digitale argyf fan de *Leeuwarder Courant* en fierder fan: Josse de Haan. *100 jier Keatsen Hjerbeam. Histoaryske roman oer keatsen*. Boalsert, 1993 en: Pieter Breuker. *1899 Ontspanning 1984*. Grins, 1984.

Abe de Vries

In betide en bysûndere foarm fan ‘bedriuwскеatsen’

It 19^{de}-ieuske keatsen wie yn it earstoan noch yn hannen fan kastleins. Letter namen mear op idealistyske grûnen oprjochte organisaasjes it oer. It giet dan om kommisjes (mei de PC fan 1853 as fierwei de bekendste en belangrykste), VvV’s en úteinlings ferieningen. Dy organisearren it wedstriidkeatsen. Fansels waard dêr bûtenom ek keatst, allinnich der is mar in benaud lyts bytsje fan bekend. Foar de gruten sil it meast jûns nei it wurk oangongen wêze, foaral op ‘e buorrens, de jonges hienen oerdei ek wolris tiid. In hiel bysûndere, net earder beskreaune foarm fan keatsen fûn ik yn it digitale argyf fan de Ljouwerter krante.

Keatsende ‘Arbeiders van het Oud-Tigchelwerk’ te Berltsum

De krante fan 25 july 1871¹ befettet in yn ferskillende opsichten tige nijsgjirrich ynstjoerd stik, dat ik fanwegen syn belang hast hielendal oernimme sil. Ik doch dat yn trije parten, hieltiten mei koart kommentaar fan myn kant derby.

‘Mijnheer de Redacteur! Te midden van het fraaiste weder der wereld, hielden wij hier jl. zondag [16 july] een echt Friesch volksfeest. Geheel voor eigen rekening liet de heer Herman Alma onder zijne werklieden eene kaatspartij houden, welke, begroet door een aantal vlaggen, bijgewoond werd door honderden toeschouwers. Voor de mannen bestond de prijs in 6 kilogram spek, die, na een hardnekkigen strijd, ten deel viel aan F. Dijkstra en P. Hager; de premiewin-

naars ontvingen 5 kilo, al de overigen elk 1½ kilogram. De levenslustige jongens betwistten elkander vrolijk en dapper de overwinning, doch ten slotte kregen ook dezen elk eene mooie pijp, ½ kilo tabak of iets anders. De vrouwen en meisjes, ofschoon zij wel is waar niet mede kaatsten, kregen ieder ook een prijs. Van eene goede hoeveelheid bier kon elk naar hartelust drinken, dat de strijders tot nieuwen moed aanwakkerde.’

Dat moat dêr yn Berltsum in fleurige boel west hawwe: prachtichmoai simmerwaar, in feestlik oanklaaid terrein, hûnderten taskôgers, ûnder wa famkes en froulju, foar’t neist flink wat keatsende manlju en jonges, de lêsten wakker ‘levenslustig’, en foar elk net te min bier, dat al ûnder it spul oansprutsen waard. Gjin wûnder dat de ‘strijders’ op dy wize nije moed krigen. Sa dogge se it no noch yn Wervershoof/Onderdijk, dêr’t de spilers tusken de partijen troch wolris in fleske bier nimme.² Mar it is dêr ek mar in spultsje fansels.

Foar ús ûngewoan, mar oant let yn de 19^{de} ieu hiel normaal, wie it mei twa man keatsen yn ien partoer. Ek de prizen binne yn ús eagen opfallend: spek foar de manlju, in piip en tabak (of wat oars) foar de jonges. Kom dêr hjoeddedei ris om. It spek bringt jin de foaral yn de twadde helte fan de 19^{de} ieu hiel gongbere spekriderijen by it koartebaanreedriden yn it sin: dy tsjinnen suver as in foarm fan bystân. Dêrby krigen faak alle dielnimmers, jong en âld, fluch en

stadich, linich en krebintich, mar de measten sa earm as Job, wol wat: spek, mar soms ek earte, beane, bôle, fleis, sels in stik klean.³

Miskien hawwe de spekriderijen Alma wol op in idee brocht. Sa krigen ek by him de ferliezers allegearre 1½ kilo spek, wylst de famkes en froulju, hoewol’t se net keatsten, likegoed mei ‘een prijs’ nei hûs ta gongen. Alma liket in sosjaal fielend persoan west te hawwen, sa’t ek bliken dwaan kinne soe út it ferfolch fan it ynstjoerd stik:

‘heer en knecht, kapitaal en loon’
‘De heer Alma heeft hierdoor op nieuw het bewijs geleverd, dat hij een volksman is; het strekke ten voorbeeld voor alle fabrikanten en werkgevers. Als die heeren, beneevens alle kapitalisten, zoodanig meer en meer handelden, er zou gewis weldra beter harmonie tusschen heer en knecht, tusschen kapitaal en loon tot stand komen. Wij althans danken bovengenoemden heer voor de genoegens en het plezier, ons zoo ruimschoots bij die gelegenheid geschonken en hopen, dat hij lang onze patroon mag blijven en nog vele jaren tot nut en welzijn van den werkenden stand moge leven.’

Hiel nijsgjirrich ek is de passazje oer ‘heer en knecht, [...] kapitaal en loon’. Dêr klinkt suver wat in iere foarm fan sosjale striid trochhinne.⁴ No hoecht jin dy krityske toan net hielendal te fernuverjen. It wienen lange en swiere wurkdagen op it fabryk en it wurk moast yn it simmerhealjier dien wurde, oars koenen